

PERSBERICHT



Nummer: 037 TN
Datum: 19 mei 2026

Provincie maakt programmering verkeersveiligheid bekend

De provincie Fryslân wil de provinciale wegen de komende jaren verder verbeteren op het gebied van verkeersveiligheid. Het college van Gedeputeerde Staten heeft hiervoor de programmering *Verkeersveilige Infrastructuur 2027-2031* vastgesteld. Daarmee is nu duidelijk welke maatregelen de provincie vanaf 2027 gaat uitvoeren. Jaarlijks is hiervoor ruim €6 miljoen beschikbaar. Met het programma werkt de provincie aan een veiliger wegennet voor alle weggebruikers.

De komende jaren zet de provincie in op een breed pakket aan maatregelen verspreid over Fryslân. Daarbij gaat het onder meer om het verbeteren van bermen en geleiderails, het aanpassen van kruispunten en rotondes en maatregelen op drukke fietsverbindingen en doorfietsroutes. Ook blijft ruimte beschikbaar voor snelle ingrepen bij acute verkeersveiligheidsknelpunten.

“Verkeersveiligheid vraagt blijvend om aandacht en investeringen,” aldus gedeputeerde Matthijs de Vries. *“Met deze programmering zetten we een belangrijke stap om onze provinciale wegen veiliger te maken voor iedereen die er dagelijks gebruik van maakt: automobilisten, fietsers, landbouwverkeer en openbaar vervoer.”*

Fietsoversteken

Binnen de programmering is er speciale aandacht voor fietsoversteken op provinciale wegen. Uit onderzoek blijkt dat er in Fryslân bijna zeshonderd fietsoversteken zijn. Een groot deel daarvan is de afgelopen jaren al veiliger ingericht, bijvoorbeeld met een fietstunnel, rotonde of middengeleider. Met het extra budget kan de provincie nu ook op andere locaties maatregelen treffen, passend bij de situatie en het risico op ongevallen.

Concrete voorbeelden

In de programmering staan projecten verspreid over de hele provincie. Voorbeelden van maatregelen die in 2027 op de planning staan, zijn verbeteringen aan fietsoversteken bij Finkum, Hijum en Stiens (N357), maatregelen aan bermen en geleiderails langs De Centrale As (N356) en de N359 tussen Bolsward en Leeuwarden en de ombouw van het kruispunt bij Hoek van de Bant (onder Lauwersoog) tot ovonde (N361).

Nûmer: 037 TN
Datum: 19 maaie 2026

Provincie makket programmearring ferkearsfeiligens bekend

De provincie Fryslân wol de kommende jierren de provinsjale diken fierder ferbetterje op it mêd fan ferkearsfeiligens. It kolleezje fan Deputearre Steaten hat dêrfoar de programmearring *Ferkearsfeilige Ynfrastruktuer 2027–2031* fêststeld. Dêrmei is no dúdlik hokker maatregels de provincie fan 2027 ôf útfiere sil. Jierliks is dêrfoar goed €6 miljoen beskikber. Mei it programma wurket de provincie oan in feiliger wegenet foar alle weibrûkers.

De kommende jierren set de provincie yn op in breed pakket oan maatregels, ferspraat oer hiel Fryslân. Dêrby giet it ûnder mear om it ferbetterjen fan bermen en geleiderails, it oanpassen fan krúspunten en rotondes en maatregels op drokke fytsferbiningen en trochfytsrûtes. Ek bliuwt der romte foar flugge yngrepen by akute knyppunten op it mêd fan ferkearsfeiligens.

“Ferkearsfeiligens freget trochgeand om omtinken en ynvestearrings,” seit deputearre Matthijs de Vries. *“Mei dizze programmearring sette wy in wichtige stap om ús provinsjale diken feiliger te meitsjen foar elkenien dy’t dêr alle dagen gebrûk fan makket: automobilisten, fytsers, lânbouferkear en it iepenbier ferfier.”*

Fytsoerstekken

Binnen de programmearring is der spesjaal omtinken foar fytsoerstekken op provinsjale diken. Ut ûndersyk docht bliken dat der yn Fryslân hast seishûndert fytsoerstekken binne. In grut part dêrfan is de ôfrûne jierren al feiliger ynrjochte, bygelyks mei in fytstunnel, rotonde of middengelieder. Mei it ekstra budzjet kin de provincie no ek op oare lokaasjes maatregels nimme, passend by de situaasje en it risiko op ûngemakken.

Konkrete foarbylden

Yn de programmearring steane projekten ferspraat oer de hiele provincie. Foarbylden fan maatregels dy’t yn 2027 op de planning steane, binne ferbetteringen oan fytsoerstekken by Finkum, Hijum en Stiens (N357), maatregels oan bermen en geleiderails lâns De Centrale As (N356) en de N359 tusken Boalsert en Ljouwert, en de ombou fan it krúspunt by Hoek fan de Bant (ûnder Lauwerseach) ta in ovonde (N361).